

## Tryater siket:

In ferbinende en ynspirearjende

**SAAKLIK DIREKTEUR (FULLTIME)**

Mei yngong fan op syn lêst septimber 2026

Tryater is al 60 jaar it meartalige teäterselskip fan Fryslân. Mei de Fryske taal as basis, meartaligens as útgongspunt en mei de antenne nei de wrâld binne wy stevich ferankere yn de mienskip. We steane bekend as ôfstjoerder fan fernijend teäter, sûne grûn foar nij talint en ferteller fan maatskiplike ferhalen, ticht op 'e hûd fan ús publyk. We meitsje lokaasje teäter, grut- en lytsskalich, op plakken dêr't minsken by-inoar komme: de sporthal, it iepenloftswimbad en it klasselokaal.

Tryater is as BIS-selskip ûnderdiel fan de lanlike kulturele basisynfrastruktuer. Kombinearre mei de trouwe en him ûntwikkeljende efterban ha we in sûne finansjele basis. Tryater woartelt middenyn it Fryske fjild fan mienskip, leafhawwers, organisaasjes, partners, polityk en bestjoer. We binne der foar eltsenien. Us foarstellingen binne mearstimmich, ynklusyf en tagonklik. We spylje omtrint 235 grut- en lytsskalige meartalige foarstellingen yn 't jier, foar likernôch 23.000 bern, jongeren en folwoeksenen út útienrinnende befolkingsgroepen. Hiel Fryslân is spylflak foar ús bysûndere lokaasje-, skoal- en reisfoarstellingen, wêrby't wy ferskate minsken en perspektiven by elkoar bringe; troch generaasjes, kulturele en sosjale eftergrûnen hinne.

Dochs rikke ús konneksjes en ambysjes ek oer de lânsgrinzen. We binne de driuwende krêft efter in Europeesk netwurk fan teäterynstellingen dy't - lykas ús - meartalich wurkje yn in regionale kontekst.

De deistige lieding is yn hannen fan in twakoppige direksje: in artystyk en in saaklik direkteur. It fêste team bestiet út om ende by 25 meiwurkers. Dêrnjonken wurkje we mei in grut tal freelancers. We beskikke oer in eigen teätergebou yn Ljouwert, mei twa sealen, in wurkpleats en kostúmatelier. Wy binne op syk nei in nije saaklik direkteur dy't de ferbining tusken Tryater en Fryslân fuortsterkje sil, de bannen binnen de organisaasje oanhellet en nije kânsen mei beide hannen oangrypt.

We sykje in ferbinende, stevige en ynspirearjende saaklik direkteur dy't linich skeakelt tusken strategy en deistige praktyk, tusken eksterne relaasjes en organisaasjeûntwikkeling en tusken artistike ambysjes en saaklike helberens.

As saaklik direkteur bist einferantwurdlik foar de finansjele, operasjonele en saaklike kant fan 'e organisaasje. Do foarmest tegearre mei de artystyk direkteur de direksje en leist ferantwurdling ôf oan de Rie fan Tafersjoch.



## TAKEN EN FERANTWURDLIKHEDEN

- Soargest foar in duorsume en takomstbestindige bedriuwsfiering;
- Bist einferantwurdlik foar en útfierder fan it finansjeel en saaklik belied (wêrûnder begrutting, jierrekkens en subsydzjeoanfragen);
- Joust op coachende wize en tegearre mei dyn kollega-direkteur lieding en stjoerst ferskate ôfdielingen oan dy't te krijen hawwe mei de bedriuwsfiering (finânsjes, kommunikaasje en HR).
- Soargest foar optimale ferbining tusken Tryater en de Freonen fan Tryater mei ús saaklik netwurk.
- Underhâldst relaasjes mei it Ryk, gemeente en provinsje, kulturele spilers en it bedriuwslibben en soargest foar in sterke regionale en lanlike posisjonearring fan Tryater;
- Foarmest tegearre mei de artystyk direkteur in hecht team dat strategyske karren oersetse kin nei útfierbere plannen en soargest dat de organisaasje en de minsken fan Tryater florearje. Dêrby bist mei-ambassadeur en boechbyld fan Tryater;
- Joust rjochting oan organisaasjeûntjouwing en soargest foar in feilige, ynklusive en wurdearjende wurkomjouwing.


## UNDERFINING EN KOMPETINSJES

- Underfining as bestjoerder yn in kulturele, publike of maatskiplike organisaasje of mei stevige affiniteit mei de sektor;

- Finansjele en bedriuwskundige saakkundigens;
- Ferbinend en coachend liederskip;
- Feroarkundige ûnderfining;
- Undernimmend en rjochte op risseltaten, mei gefoel foar balâns tusken artistike en saaklike belangen;
- Polityk-bestjoerlike sensitiviteit en sterke netwurkfeardichheden yn gearwurking mei finansiers, partners en stakeholders;
- Hantearret in transparante en iepen styl en fielt oan wat minsken beweecht, bejout him maklik yn alle lagen fan 'e mienskip en kin dy yn beweging bringe;
- Fynt sosjale feiligens, ferskaat en ynklúzje fan grut belang;
- Poerbêste kommunikative feardichheden;
- Ferstiet en lêst Frysk of is ree om dat fluch te learen.

## WAT BIEDT TRYATER?

In unyk plak yn it Nederlânske poadiumlânskip. Tryater is in dynamyske organisaasje mei noflike kollega's en in ynformele wurksfear. Silst wurkje yn ús eigen teätergebou yn 'e binnenstêd fan Ljouwert, foarsjoen fan kantoarrromten, twa sealen, in kostúmatelier en in wurkpleats. De funksje is fulltime. Salaris en arbeidsfoarwearden binne fierder oerien te kommen ôfhinklik fan kennis en ûnderfining, konform de CAO Toneel en Dans en brânsjkoade.



## **SOLLISITEARJE**

Bist entûsjast wurden? Stjoer dan op syn lêst **1 maart** dyn cv mei koarte motivaasje nei Theo Andreae fan de Rie fan Tafersjoch fan Tryater, fia [rvt@tryater.nl](mailto:rvt@tryater.nl). Hast fragen nei oanlieding fan dizze fakatuere? Stel se gerêst oan artistyk direkteur Tatiana Pratley fia 058 - 288 2335 (mo o/m to 09.00 – 15.00).

De earste sollisitaasjepetearen hawwe plak op **12 maart** yn Ljouwert. In assessment kin diel útmeitsje fan 'e proseduerre.

Akwisysje nei oanlieding fan dizze fakatuere wurdt net op priis steld.

